

## Sjueryrapport Oersetwedstriid Ried fan de Fryske Beweging 17 maart 2019

Op in goede dei yn 1928 brocht in sekere Harry McClintock it lietsje *Big Rock Candy Mountain* op plaat út. Dêryn fertelt in swerver oer in luilekkerlân, dêr't de hinnen seane aaien lizze, de sigaretten oan 'e beammen groeie, en dêr'tst fan plysjes en falske hûnen neat gjin lêst hast. Gjûn finzenissen en gjûn swier wurk yn dit mearkelân foar folwoeksenen, dêr't *little streams of alcohol / come trickling down the rocks*. De 'cowboy'-sanger Harry McClintock (1882-1957) wurke yn Kalifornië by de spoarwegen. Efter de folkslietsje-eftige dreambylden sit yn syn grutste hit in djippere laach, ast witst dat er yn syn jonge jierren by in yn Amerika fûl bestriden anargistysk fakbûn mei de swide namme *Industrial Workers of the World* sitten hie: gjûn wûnder dat de swalker ferhellet oer *jails made of tin* en dat *they hung the jerk / that invented work*.

It hat in bysûndere, mar eins wol passende kar fan de Ried fan de Fryske Beweging west om om krekt dit lietsje hinne in oersetwedstriid út te skriuwen. De Ried stribbet ommers nei in nôch bettere ferzy fan wat se hjir te uzes al it 'bêste lân fan de ierde' neame. Om Fryslân nôch better te krijen as bêst, moatte jo fannede jo heil sykje yn utopyske ideälen lykas drankfontein en folsleine emansipaasje fan de Fryske taal. Sadwaande dus dizze priisfraach yn it earste nûmer fan *De Nije*, it hûsblêd fan it Fryske ierdske paradys.

Wy, Truus de Vries, Eric Hoekstra en André Looijenga, waarden troch Pier Bergsma frege om de ynstjoerings te beoardieljen. Der wiene fjirtjin ynstjoerings dy't wy anonym besjoen ha. De kritearia dêr't wy fan útgien binne, wiene:

- de kwaliteit fan it Frysk yn de oersettingen
  - oft de oersetting in sjongber liet is
- en:
- oft de oersetting ynhâldlik wurket en sawol oanslút by it orizjineel as by de wrâld fan no.

No sille wy it ha oer de ynstjoerings dy't wy de bêste fûnen.

Op in diel tredde plak kamen de ynstjoerings fan Swaan Postma út Eastermar (*It Lân fan Klontsjebuorren*) en fan Liuwe Westra út Lollum (*Yn 'e Frije Futsjefinne*).

De oersetting fan Swaan Postma foel ús op troch it flot rinnende rym, yn rigels lykas "*de baarch en de pyk / blykt út ûndersyk / rinne bakt en gear / as in kostlik pear*". Swaan Postma hat ek mear sintugen as McClintock yn har bewurking behelle, want ek de noas moat syn gerak ha: "*en as der ien op 't húske sit / dan rûkt it nei Chanel*".

Liuwe Westra hat fan de Big Rock Candy Mountain in 'Futsjefinne' makke, dêr't it Fryske taaleigen ek as jild op de dyk leit. As beoardielers wisten wy net dat hy dizze ferzy makke hie, mar wy moasten al gnize dat in heechlearde teolooch dichtet: "*de dominys bin blyn*". Mei ynstimming liezen wy moaie wurden brûkt wurden, lykas: "*it hûnegat (hat) gjûn doar*" en "*se brûke in pepieren tsjoar*".

It twadde plak is foar Durk Dijkstra út Berltsum mei syn oersetting *It Snobbersguodgeberchte*.

Durk Dijkstra syn oersetting bliuwt tichtby it Amerikaanske orizjineel. It is in oersetting dy't goed kloppet, dy't hiel kreas rymt en goed rint, dy't him dêrtroch goed sjonge lit. In moaie fynst fûnen wy dat de finzenis yn de lêste strofe "*muorren*" hat "*fan pakpapier*". Lykwols is yn Dijkstra syn ferzy it iennichste dat min ofte mear nei Fryslân ferwiist, dat er fan in *lake of stew* makke hat: "*marren fol /*

*mei stampot*". Nettsjinsteande de moaie taalfynsten, misten wy yn dizze oersetting eleminten dy't it liet op iroanyske wize nei it Fryske publyk fan hjoeddendei bringe.

De winner fan dizze oersetwedstryd is Jurjen van der Meer fan De Jouwer.

Van der Meer syn liettekst *Yn 'e Dûnzen Dekbêdpolder* is neffens ús tige goed sjongber. Hy hat it liet fan McClintock behoarlik frij bewurke en aktualisearre, ta dreamerij oer in tichtby luilekkerlân mei blykber in universeel basisynkommen, want: *"jo hoege net te wurkjen / mar jo krije dochs je lean"*. Ommers, fan sûkerquodbergen krije jo mar gatsjes yn de tosken en obesitas, dat de hjoeddeiske 'hobo' (swalker), dy't by Van der Meer *"in âlde hippy"* wurden is, fertelt fan de komfortabele geneuchten fan in pensionado-libben yn de polder. Sadwaande hat Jurjen van der Meer it pleatsen nei dizze tiid en nei Fryslân hiel betûft en kreatyf oanpakt. Fan 'Fryslân' set er ús net de kliemske klisjees as sûkerbôle of beerenburg foar, mar hy hat in subtyl iroanysk liet mei in dûbele boaiem skreaun oer in eins o sa fertroude polder, dêr't *"yn 'e krante stiet / dat it prima giet"*.

Hulde en lokwinsken foar Jurjen van der Meer!

Truus de Vries, Eric Hoekstra, André Looijenga

Stania State, Oentsjerk, 17 maart 2019